



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Besprek: Geschiede Nordfrieslands [Review of: A. Bantelmann (1995) Geschiede Nordfrieslands]

Hemminga, P.

published in

It Beaken

1996

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Hemminga, P. (1996). Besprek: Geschiede Nordfrieslands [Review of: A. Bantelmann (1995) Geschiede Nordfrieslands]. *It Beaken*, 58, 202-205.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

gie doorlekaar, dan noemen wij, wanneer het Fries overheerst, de betreffende tekst Friestalig met een Nederlandse inslag en in het omgekeerde geval Nederlandstalig met een Friese inslag' (6), gaat Vries wat al te gemakkelijk aan verscheidene taalkundige problemen voorbij. Aan de andere kant is het begrijpelijk dat de uitwerking van deze problematiek niet plaatsvindt in een boek dat zich nadrukkelijk op de externe taalgeschiedenis richt.

Een verklaring van keuzes voor het Nederlands in individuele gevallen, is nog geen verklaring voor de verdringing van het Fries. In een slotbeschouwing noemt de auteur diverse factoren die in verband met het laatste van belang moeten zijn geweest. Zo zou de actieradius van het Fries als schrijftaal te beperkt zijn geweest: niet alleen vanwege het kleine Friese taalgebied, maar ook vanwege de onbruikbaarheid voor externe schrijfcontacten waarvoor het Nederlands (of het Latijn) werd gehanteerd. Fokkema's politieke verklaring wordt met enige aanpassing overgenomen: niet uitsluitend de komst van niet-Friese ambtenaren naar Leeuwarden, maar meer algemeen de grote invloed van het centrale gezag in Friesland zou de directe oorzaak van de achteruitgang en ondergang van het Fries als schrijftaal zijn. Daarnaast beschouwt Vries echter de door Hellinga gesignaleerde culturele achterstand van Friesland in de vijftiende eeuw als de dieperliggende oorzaak van het verval van het Fries. Daardoor was namelijk de schrijftraditie, die voornamelijk op gebied van recht en praktisch gebruik was gevestigd, wel heel smal. Daarbij komt nog dat de zich ontplooiende, handeldrijvende burgerij spoedig het nut zou hebben ingezien van een goede beheersing van het Nederlands. Tenslotte wordt ook het ontbreken van standaardisatie genoemd: het Fries werd een steeds minder goed bruikbaar instrument 'doordat er in deze taal - geheel anders dan in het Nederlands - niet aan taalbouw, normering en formulering van grammaticale regels werd gedaan' (188).

In de visie van de auteur zijn er dus verschillende 'oorzaken' aan te wijzen voor het feit dat het Fries in de zestiende eeuw de slag heeft gemist. Het is hier niet de plaats om de zwaarte van de verschillende factoren ter discussie te stellen. Met zijn leesbare studie heeft Vries het verdringingsproces goed in kaart gebracht. Hij laat ook mogelijke verklaringen de revue passeren, waarbij aannemelijk wordt dat in een dergelijk proces niet één, maar verschillende factoren een rol spelen.

M.I. van der Wal (Vakgroep Nederlands, RU Leiden)

Alben Bantelmann, Rolf Kuschert, Albert Panten, Thomas Steensen (1995)
Geschiede Nordj'rieslands. (BräistlBredstedt, NP: Nordfriisk Instituut, in Zusammenarbeit mit der Stiftung Nordfriesland [Heide], Verlag Boyens & Co., ISBN 3-8042-0759-6, prijs DM 98,-; foar leden fan de Feriening Nordfriisk Instituut DM 82,-).

Desimber 1995 kaam yn Noard-Fryslân de mäske, 1,8 kilo swiere, 472 siden tellende en mei mear as 600 öfbyldings prachtich, foar in part yn kleur, yllustrearre *Skiednis fan Noard-Fryslân* út. It is foar it earst dat der in brede algemiene beskriuwing fan de skiednis fan Noard-Fryslân leit. En dat der ferlet fan wie, bewiist it feit dat de 3000 eksimplaren fan de earste printinge al begjin 1996 utferkocht wienen. Net allinne de bot keapsjogge utfiering fan it boekwurk sil de flotte ferkeap befoardere hawwe, ek de lêsbereens en it foar in part suver sjoernalistike karakter fan it boek sille oan it ferkeapsukses bydroegen hawwe. De twadde, ferbettere printinge is ûnderwilens ferskynd.

De fjouwer auteurs hawwe allegearre in part fan de Noard-Fryske skiednis foar har rekken nommen.

Dr. Albert Bantelmann beskriuwt op de earste goed fjirtich siden fan it boek de lánskips- en bewenningsskiednis oant de iere Midsieuwen. En fansels komt yn dat haadstik de mienskiplike skiednis en de ferbining tusken Noard-Fryslán en Westerlauwersk-Fryslán oan de oarder.

Albert Panten hat de folgjende goed tjirtich siden oer de Noard-Friezen yn de Midsieuwen foar syn rekken nommen. Syn haadstik begjint mei de komst yn de sánde en achtste ieu fan de fan súdliker Noardseekusten ófkomstige Friezen nei Noard-Fryslán en yn it bysûnder de Noard-Fryske eilannen ta. De ferbining mei ús Fryslán komt, sa merkt Panten op, ûnder mear nei foaren yn de toponimen fan Noard-Fryslán, dy't dûdlik fan de nammen yn it fierdere Sleeswyk ófwike.

Dr. Rolf Kuschert beskriuwt op hûndert siden de iere Nije Tiid, sa fan de Reformaasje oant it begjin fan de 19de ieu. Syn haadstik set útein mei de Reformaasje, dy't yn Noard-Fryslán begjint mei it yn 1525 op eigen foarstap troch de Husumer Dietrich Becker preekjen fan de Lutherske lear. Syn wurk wurdt yn opdracht fan Kening Frederik I oemommen troch Hermann Tast; syn namme is hjoeddedei noch ferbûn oan ien fan de Husumer middelskoallen. Tast is ûnder mear mei-ferantwurdlik foar de yn it Leechedútsk stelde tsjerke-oardering foar Sleeswyk en Holstein fan 1542. It Frysk wurdt earst noch net yn de tsjerke brûkt, mar de earste bewarre bleaune oersettings fan de lytse katechismus fan Luther yn it Frysk datearje fan om 1600 hinne. De skriuwer giet fierder yn op de tiid ûnder de hartoggen fan Gottorf (1544-1713) en dêrnei op de 18de ieu, as de Deenske kening Frederik IV Sleeswyk yn besit nimt. De oarloch fan 1864 betsjut de ein fan it Deensk bewáld. Noard-Fryslán is yn de tiid fan it Deensk bestjoer, lykas dêrfoar en foar in grut part dêrnei ek it gefal is, in agrarysk gebiet, mei op de eilannen foaral ek seefeart. Dy kriget de gut as de Noard-Friezen yn 1634 op de Nederlânske Grienlânfarders oanmûnsterje, nei't de kening fan Frankryk it syn Baske ûnderdienen ferbiedt dat wurk noch langer op Nederlânske skippen te dwaan. Oant yn de 19de ieu sil de walfiskfangst en de fierdere hannelsfeart it libben op de eilannen mei beskiede.

Mear as de helte fan de stúdzje, sawat 230 siden, bestiet út Dr. Thomas Steensen syn beskriuwing fan de Nijste Tiid: de 19de en de 20ste ieu. It wurk fan de hjoeddeiske direkteur fan it Nordfriisk Instituut is net allinne mánsker as de fierdere bydragen, mar foarmet ek it meast sjoernalistike part fan it boek. Boppedat binne de goed 200 siden krappernóch om wer te jaan wat Steensen allegearre fertelle wol, oars sein: it ferskaat fan ûnderwerpen is suver te grut om syn gerak te krijen. Om dat ferskaat sjen te litten: it haadstik oer it begjin fan de Nije Tiid yn Noard-Fryslán telt goed 28 siden en meielkoar 58 foto's en 5 kaartsjes. De sa'n trettjin siden tekst begjinne mei de befolkingstjouwung, geane dan oer op de lánbou, mei ûnder mear omtinken foar de opkomst fan de keunstdong en de earste masines, dan giet it oer de nije koöperaasjes, de hannel en de opkomst en delgong fan allerhanne ambachten, dêrnei is der omtinken foar de opkomst fan nije ferkearsmiddels lykas it spoar, de telegraaf en de earste stoomboaten yn it ferkear tusken de fêstewál en de eilannen. Dy nije ferbining mei de eilannen soarget mei foar de opkomst fan it toerisme. Nei it stikje oer it toerisme komt de kustferdigening oan de oarder. Yn de feroarings yn doarpen en stêden giet it dêrnei net allinne oer de wizen fan bouwen, mar ek oer de feroarings yn klaaiing, de ynrjochting fan sikehuzen, it begjin fan de wetterlieding en it nije ljocht en it oprjochtsjen fan de earste musea. It oanbelangjend haadstik beslút mei omtinken foar kultuer, kranten, bibleteken, skoallen en de tsjerke. Sa'n grut ferskaat is suver tefolle en kin allinne mar in flechtich earste oersjoch ynhâlde. Net allinne de kaartsjes en de plaatsjes binne yn sa'n

opset yllustraasje, mar ek de tekst sels komt amper boppe it yllustrative út. Sa binne bygelyks de siden dy't Steensen wijt oan Ludwig Nissen: fan boardewasker oant miljonêr, Christian Jensen: grûnlizzer fan it Breklumer sindingswurk en Sönke Nissen, dy't syn jild mei de oanlis fan it spoar yn Dútsk-East-Afrika fertsjinne en letter ynvestearre yn wat no de Sönke Nissen-Koog hjit, yllustraasjes dy't typografysk in eigen plakje fertsjinne hienen.

It seit himsels dat Thomas Steensen, dy't tsien jier ferlyn promovearre op in wiidweidich proefskrift oer de Noard-Fryske Beweging, omtinken jout oan dy beweging en har ynterfryske relaasjes, sawol yn as bûten it ramt fan de Fryske Rie. Dy relaasjes hienen in, sa skriuwt Steensen, 'wesentlichen Anteil an der nationalpolitischen Entspannung' yn de rin fan de fyftiger jierren. Wa't oer de Noard-Fryske Beweging skriuwt, kin net om de kwestje fan it suver foar elkoar oer stean fan de op Dútslan rjochte Nordfriesische Verein für Heimatkunde und Heimatliebe en de op Denemarken oriïntearre Friesisch-schleswigsche Verein, de lettere Foriining for Nationale Friiske, hinne. Ein fjirtiger jierren rinne de ferskillen út op, wat Steensen in 'erbitterte nationalpolitische Streit' neamt. Soks liket op hiel wat mear te wizen as op ferskil fan ynsjoch tusken de foarmannen fan beide organisaasjes, mar dat wurdt fierder net dúdlik makke. De (ynter-) Fryske Rie kriget mear as in side omtinken fan de skriuwer. Fan Prof.Dr. J.H. Brouwer is in foto yn it boek te finen, dy't makke is yn 1955 by de presintaasje fan it Frysk Manifest by de Upstalsbeam yn Aurich. It belang fan de Fryske Rie leit foaral yn it oan ien tafel sitten fan de twa Noard-Fryske 'partijen' en, njonken de duorjende kontakten tusken de trije Fryslannen, Helgolan dêrby ynbegrepen, yn it oerkoepeljen fan alle Fryske organisaasjes yn Noard-Fryslan, sa skriuwt Thomas Steensen. Dy gruttere mienskiplikens wie ien fan de betingsten foar it ferbetterjen fan it politike klimaat foar it Noard-Frysk yn de tachtiger jierren, sa't dat ûnder mear stal krigen hat yn it op 7 septimber 1988 ûnder foarsitterskip fan de presidinte fan it Sleeswyk-Holsteinske parlemint útein setten 'Gremium für Fragen der friesischen Bevölkerungsgruppe im Lande Schieswig-Hoistein'. En de nije Grûnwet fan de noardlikste Dútske dielsteat seit sûnt 1 augustus 1990 yn artikel 5: 'Die nationale dänische Minderheit und die friesische Volksgruppe haben Anspruch auf Schutz und Förderung'. Mar dy ynstitûsjonele ferbetterings sizze noch net it measte oer de feitlike situaasje. It troch Steensen ek yn dizze stúdzje wer neamde tal fan noch 10.000 Frysktaligen yn Noard-Fryslan freget driuwend om in taalsosjologyske ûnderbouwing. En hoefolle oft de yndertiid krekt troch Fryske rûnten stipe foarming fan de iene Kreis Nordfriesland, yn 1970, oan it fuortbestean fan it Noard-Frysk bydroegen hat, bliuwt in net beândere fraach.

Steensen stiet wiidweidich stil by de Nazi-tiid. Yn de ferkiezings fan 1932 giet al twatredde fan alle Noard-Fryske stimmen nei Hitlers NSDAP, aardich heger as de 51 % dy't dy partij yn Sleeswyk-Holstein kriget en dat is al it heechste persintaazje fan hiel Dútslan. Achttûzen Noard-Friezen sille úteinlik net út de Twadde Wraldkriich weromkomme. En nei de oarloch hat Noard-Fryslan te krijen mei mear as 55.000 flechtlingen út it easten: mear as in fyfte part fan de hiele befolking. Dy massale ymmigraasje hat net goed foar it Frysk west, sa stelt Steensen fêst.

Yn alle parten fan it boek wurdt mei rjocht en reden ek de skiednis fan it net ta de hjoeddeiske Kreis Noard-Fryslan hearrende Helgolan meinommen. Boppedat kriget de foar Noard-Fryslan bot wichtige wettersteatsskiednis troch it hiele boek hinne it nedige omtinken.

Hoewol't it boek in dúdlike funksje ferfollet yn de emansipaasje fan de Noard-Friezen, is de brûkte fiertaal net it eigen Frysk, mar it Heechdútsk. Dêrmei wurde hiel wat swierrichheden tefoaren kommen en wurdt oansletten by de besteande tradysje,

mar tagelyk wurdt oantoand dat it der mei it Noard-Frysk wol better foarstean kinne soe.

It boek mist spitigernóch in noate-apparaat, mar dat wurdt wer wat goedmakke mei in breed oersjoch fan boamen en literatuer, sawol yn it algemien as foar de ûnderskate haadstikken, in register op de yllustraasjes, in persoansregister en in plaknammeregister.

De einkonkluzje kin wêze dat de gearstallers eare ynlizze mei harren wurk. It Nordfriisk Instituut en hiel Noard-Fryslân kinne grutsk op sa'n moai boek wêze. De wat mear krityske opmerkings dy't hjirfoar makke wurde, moatte foaral sjoen wurde as in oantrun ta fierder ûndersyk en publikaasje.

Piet Hemminga (Fryske Akademy)